

zaterdag, 12 december 2015 09:00

## TOANIEL SELSKIP "NIEUW LEVEN" SPILET 'DOKTERKE BOARTSJE'



Toaniel leafhawwers, we binne wer los. Toanielselskip Nieuw Leven is alwer drok yn 't spier om foar jim it moaie toanielstik "Dokterke boartsje" op'e planken te setten.



It stik "Dokterke boartsje" is in blijspul skrieun troch Carl Slotboom.  
Oer it stik, "Dokterke boartsje":



Arie van Zanten wurdt fertocht fan in bankrôf en is op 'e flecht foar de plysje. Hy draaft it earst it beste gebou yn wat er tsjinkomt. Ut in kast pakt hy in wite jas en docht dizze oan. As hy it gebou wer út wol, rint hy haadsuster Gerda tsjin it liif, dy 't der fan út giet dat dit de plakferfangende dokter van Vliet is. Om't der hieltyd plysjeauto's yn 'e buert rûnride sit der foar Arie neat oars op as "dokterke boartsje", dit bliuwt net sûnder gefolgen.



De rezjy is dit jier yn hannen fan in nije regisseur Karel Adema út Stiens. Fansels mat je altyd efkes wenne oan in nije regisseur mar we ha der alle fertrouwen yn dat Karel tegearre mei ûs spilers, in moai stik del sette sille op de útfieringsjûn.



We mei gelokkich krek as foarich jier wer twa nije leden wolkom hite. Jeanine Postma en Femke van der Heide sille dit jier harren debút meitsje. Wy binne fansels tige wiis mei dizze twa oanwinsten en hoopje dat se in soat wille belibje sille by ûs'e toanielferiening.



Nijsgjirrich wurden? Kom dan op Sneon 30 jannewaris 2016 om 20.00 oere nei Skerne Wibe yn Ingelum.

De generale repetysje hâlde wy op tongersdei 28 jannewaris 2016, de oanfang is dan 19.00 oere. Notear dizze data alfêst yn jim aginda!



De kaartferkeap start yn jannewaris. Yn it jannewarisnûmer fan Doarp en Sport en fiawww.Engelum.com hearre jim noch fan ús by wie en wannear jim kaarten bestelle kinne. Graach oant sjen op ús útfieringsjûn yn Ingelum!!